

Iepenstellingsbeslút Subsydzjeregeling Sichtberens Fryske taal 2025

Deputearre Steaten fan Fryslân,

mei it each op kêst 1.3, tredde lid, fan de Algemiene subsydzjeferoarding provinsje Fryslân 2022, en kêst 5 fan de fan de Subsydzjeregeling Sichtberens Fryske taal 2025,

BESLUTE:

It iepenstellingsbeslút Subsydzjeregeling Sichtberens Fryske taal 2025 as folget fêst te stellen:

Kêst 1 Subsydzjeplafonds

- It subsydzjeplafond foar de yn kêst 3, ûnderdiel a fan de Subsydzjeregeling Sichtberens Fryske taal 2025 neamde subsidiabele aktiviteiten bedraacht € 80.000,-.
- De dielplafonds foar de yn kêst 3, ûnderdiel b fan de Subsydzjeregeling Sichtberens Fryske taal neamde subsidiabele aktiviteiten binne fêststeld op:

Gemeente	Deelplafonds
Achtkarspelen	€27.451,-
Dantumadiel	€25.351,-
Eaststellingwerf	€26.851,-
De Fryske Marren	€33.154,-
Harns	€24.601,-
Hearrenfean	€33.154,-
Ljouwert	€51.613,-
Noardeast-Fryslân	€31.653,-
Opsterlân	€27.902,-
Smellingerlân	€34.355,-
Súdwest-Fryslân	€42.459,-
Tytsjerksteradiel	€28.502,-
Waadhoeke	€31.954,-
Totaal	€419.000,-

- It subsydzjeplafond foar de yn kêst 3, ûnderdiel c fan de Subsydzjeregeling Sichtberens Fryske taal 2025 neamde subsidiabele aktiviteiten bedraacht € 60.000,-.

Kêst 2 Aanvraagperiode en verdeelsystematiek Oanfraachperiode en ferdielsystematyk

- It yn kêst 1 neamde subsydzjeplafonds jilden foar oanfragen dy't ûntfongen binne yn de iepenstellingsperiode fan 23 juni 2025 oant en mei 10 desimber 2025.
- De ferdieling fan de middels bart neffens kêst 7 fan de Subsydzjeregeling Sichtberens Fryske taal 2025.
- Deputearre Steaten meie, nei it sluten fan de iepenstellingsperiode, de dielplafonds feroarje.

Kêst 3 Yngean

Dit beslút wurdt fan krêft mei yngong fan de dei nei de datum fan útjefte fan it Provinciaal blad, dêr't it yn pleatst is.

Kêst 4 Wurkingsdoer en oergongsrjocht

- Dit beslút ta iepenstelling ferfalt op 1 july 2026.
- Dit beslút ta iepenstelling bliuwt, fan de yn it earste lid neamde ferfaldatum ôf, fan krêft oangeande subsydzje-oanfragen dy't ûntfongen binne yn de iepenstellingsperiode lykas neamd yn kêst 2 fan dizze regeling.

Kêst 5 Siteartitel

Dizze regeling wurdt oanhelle as iepenstellingsbeslút Subsydzjeregeling Sichtberens Fryske taal 2025.

Sa fêststeld yn de gearkomste fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan 3 juni 2025.

Drs. A.A.M. Brok, foarsitter

Drs. ing. J. Algra, sekretaris